

Taspraak Corlienke de Jong 2 jan 2016

Nijjiersgearsit FNP It Surhústerfean

NB de sprutsen tekst jildt

Minsken: Folle lok en Seine ! Wát prachtich dat jimme hjir wer mei safolle binne hjoed op it Surhústerfean ! Fansels tank oan ús freonen fan de FNP ôfdieling Achtkarspelen dy't dit hjoed mooglik meitsje!

Sa te sjen binne jimme de Knyntsjedagen goed trochkommen en sjoch dat jimme der wer sin yn hawwe, dat it nije jier wol los mei.. Of sjoch ik dat ferkeard ?

Ik moat ynienen tinke oan de earste kear dat ik, as krekt nij lid fan de FNP (dat is mear as 20 jier lyn), by de Nijjiersgearsit wie en de ienriedigens fiede ûnder de minsken. Krekt as wiene we ien grutte famylje.. Ferbûn mei elkoar, gean foar deselde idealen...

No binne we safolle jierren fierder en minsken.. ik kin jimme fertelle: It fielt noch krekt itselde ! Wat moai dat we hjir mei inoar wer binne, om mei fleur en faasje it nije jier yn te gean. Om mei inoar, nei in drok en yntinsyf ferkiezingsjier, de plannen út te rôljen en te ferankerjen...

Want wat wie it in jier, 2015..

Hichtepunt, fansels wie dat wy as FNP wer diel útmeitsje fan de koalysje! Mei it CDA, VVD en SP binne der nije plannen makke en op papier setten. It proses fan de koalysjefoarming wie fris en fernijend. Alle Steateleden, opfolgers en meiwurkers koene mei optinke en dat joech in stik belutsenheid. Moai om dan as resultaat te lêzen dat it FNP program as reade tried troch it koalysjeakkoart rint. Mei oare wurden: ús plannen binne op jild setten!

De nije fraksje mei skaadfraksje en meiwurkers draait as in naaimasyntsje en dêr binne we wakker wiis mei! Tank oan: Sybren, Klaas, Wopke, Rein, Saapke, Albert, Annigje, Yde en Janke.

Noflik en goed oparbeidzjen hat der foar soarge dat wy ûnderwilens de earste punten binnen helle ha foar de FNP. Fansels ek mei Johannes as senior deputearre yn it nije Kolleezje..... en net te ferjitten mei it fierhinne fernijde Haadbestjoer..... Mei ferskate FNP ôfdielingen, riedsleden en wethâlders.....

Mei Hindrik, ús Senator..... mei de Wetterskiipsfraksje.....Mei oare politike partijen binnen en bûten Fryslân.... Mei maatskiplike organisaasjes en mei belutsen Friezen.

Freonen: Net as FNP of Steatefraksje allinnich berikke wy ús resultaten, mar troch oparbeidzjen en troch iepen te stean foar de ynbring fan bûnsmaten.

Mei inoar en foar inoar!

Wat ek as polityk resultaat op sa'n bysûndere dei as hjoed op dizze Nijjiersgearsit neamd wurde moat, is fansels dat we nei 173 jier wer in Fryske Universiteit krije.. Campus Fyslan komt der oan en ús Fryske jongerein kin yn Fryslân wittenskiplik ûnderwiis folgje. In boppeslach!

Dan efkes foarútsjen.

Fansels binne foar it kommende jier ek wer genôch útdagings foar de FNP..

In saak dy't noch lang net útiten is, is fansels de Omrop. Wy kinne konstatare dat de lobby mei de nije Mediawet oant no ta **net** gien is sa't de FNP graach woe. ...Wy hawwe al earder konstatare dat de besuniging fan it kabinet op de omroppen hoe dan ek trochgiet. Yn de rin fan kommend jier ferwachtsje wy in útstel fan de nije deputearre ditoangeande. En lit dúdlik wêze, krekt as ferline jier sizze wy: de FNP as koalysjepartij hat wol in pear provinsjale sinten foar de Omrop oer De Omrop as in wichtige pylder fan it provinsjale taalbelied is ús hiel wat wurdich!

Ek sil de Wynmûnediskusje wer oplôgje. As de Iselmar en Hiddum Houw net opbringt wat it Ryk oplein hat oan Megawatts.. komme der dan dochs mûnen op it lân? Wy hawwe ôfspraken makke mei de nije koalysje dat soks net bart en sille stride oan de ein ta.....Mar earlik sein bin wy net gerêst oer minister Kamp syn plannen. De maatskiplike druk foar mear wynmoles op lân boazet wer oan. Lykwols;de hakken yn it sân, dat bringt dizze kwestje net fierder. Us opdracht foar it kommende jier is dêrom, as FNP, mei in eigen Fryske fyzje op in ferantwurde en takomstbestindige enerzjymiks te kommen. Mei enerzjybesparing op it foarste plak, krekt lykas yn it Klimaataakkoart. Dan binne dy wynmûnen hielendal net nedich. En kin it belestingjild stutsen wurde yn oare foarmen fan lokale enerzjy opwekking....

Mar miskien is ús grutste útdaging foar 2016 wol it polityk bedriuwen sels.. Of, sa as Prof.mr. dr. Douwe Jan Elzinga fan de RUG Grins yn syn ôfskiedsrede útsprutsen hat, dat de polityk supporters nedich hat yn sté fan fijannen.. Dat

we de boarger net mear ferfrjemdzje moatte fan de polityk. Dat we der yn slagje de boarger wer mear by de polityk te belûken. Elzinga is der hiel dúdlik yn: as de polityk struktureel ûnder fjoer komt te lizzen, as de ferfrjemding trochslacht, dan wurdt de demokrasy sels bedrige..

Miskien is dat dus ús grutste útdaging wol foar it kommende jier... Dat wy as FNP op lokaal en regionaal nivo der ál yn slagje de polityk wer tichter by de boarger te bringen. De hieltyd hegere persintaazjes foar lokale partijen, ek foar de FNP, by de riedsferkiezings bewize it. De ôfdieling Achtkarspelen dêr't wy hjoed te gast binne, lit sjen dat it kin.

De kiezer siket in nije bining, tichter by hús en fynt dy lokaal en yn de eigen regio. Dizze ûntwikkeling freget dat wy as politike partij ús helder en konkreet útsprekke en dat we werkenbere polityk bedriuwe. Dat we mear Friezen wer by de provinsjale polityk belûke kinne en ta in sterk lokaal en provinsjaal bestjoer komme mei gruttere ynbring fan de minsken yn Fryslân.

Hoe is de folgjende fraach: no der is sa'n moai sechje:

“Feroarje de wrâld en begjin by dysels..” De FNP soe mear nei bûten komme kinne, mear temajûnen oer wichtige ûnderwurpen opsette kinne, mar ek mear de boer op. Lit je sjen as partij, as politisy sawol lokaal as provinsjaal. Praat mei de Friezen. In moaie útdaging foar foar 2016: polityk werom nei de wurkflier en sa it betrouwen werom te krijen fan ús ynwenners.. Betrouwen yn de polityk.. Dé start foar it fersterkjen fan lokaal bestjoer..

Freonen, we dogge dit alles mei mar ien doel: it noch moaier meitsjen fan ús prachtige provinsje.

Mar; dat kinne we net sûnder jimme as leden fan de grutste regionale partij fan Nederlân !

Sûnder jimme komme we net fier en kinne we net fierder ! Dat 2016 in jier wurdt fan gearwurking en fan suksessen. Fan mei inoar oparbeidzje en de noazen deselde kant út te hâlden. Der gean we foar...

Freonen, 2016 wurdt in geweldich jier, in jier fan rispjien, fan in sterker meitsjen fan ús FNP, fan ús moaie Fryslân. Ik wol graach ta beslút mei jimme in toast útbringe op ús allegear, op ús FNP, op ús Fryslân.

Folle lok en seine!